

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Deputearre K.Kielstra Underwerp : Wynpark Fryslân]
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Yn desimber 2014 hat PS besletten dat in maksimum fan 530,5 MW oan wynenerzjy op lân opsteld wurde soe. Foar de FNP wie dat in hurd punt. De opbou soe wêze Wynpark Fryslân 316 MW, Kop Ofslútdyk 36 MW en besteande mûnen leverje sa'n 158,5 MW. No docht bliken dat de kapasiteit fan it Wynpark Yselmar in ekstra 66,7 MW opsmyt. Totaal komme we dan op 597,2 MW.</p> <p>It kolleezje giet hjirby foarby oan it beslút fan de Steaten oangeande de maksimale MW fan wynenerzjy op lân.</p> <p>De FNP hat meardere kearen frege nei de mooglikheden om mear MW yn it Yselmar te pleatsen wêrtroch Nij Hiddum Houw ûntsjoen wurde koe. De technology úntwikkelt harren hieltyd flugger en it wie te foarsjen dat it Wynpark Fryslân in (dikke) plus opleverje soe. Wy hawwe dat al oanjûn yn de PS fan juny en oktober 2016.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Op hokker datum hat it Kolleezje fan DS te hearren krigen dat Wynpark Fryslân net 316 MW, mar 382,7 MW opleverje soe? Binne dêr bewiisstikken fan (yn ferbân mei de beslútfoarming fan Nij Hiddum Houw op 18-07-2018)?2. Is it kolleezje ree it maksimum oan wynenerzjy werom te bringen nei 530,5 MW?3. By nee: wêrom net en hoe ferdraagt him dat mei it beslút fan desimber 2014?4. By ja: Is it kolleezje ree om b.g. nochris mei de inisjatyfnimmers fan Nij Hiddum Houw te bepraten de mûnen ekstra werom te bringen yn hichte en kapasiteit? De yn- en omwenners fan Nij Hiddum Houw hawwe oanjûn 150m tiphichte akseptabel te finen. Berekkeningen toane oan dat it winstpersentaazje fan de ûndernimmers dêr net ûnder hoecht te leien.5. By ja: Is it Kolleezje ree om neist de 6 MW yn Nij Hiddum Houw ekstra te sanearjen ûnder besteande mûnen oerienkomstich de oannommen FNP-moasje oer Opromplan Iselmar op 18 juny 2014? Sa ja hoe tinkt it Kolleezje dit oan te pakken? Sa nee, wêrom net?6. By ja: Binne der faaks oare mooglikheden om oan it beslút fan desimber 2014 te foldwaan?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
Klaas Fokkinga	FNP,

Datum	06-08-2018
-------	------------